

Wolkom by Tsjil Tsjekt!

Wat moai dat jim meidwaan sille oan it programma!

Tsjil Tsjekt is in ynteraktyf programma. Yn it programma stelt presintator Raynaud Ritsma fragen oan de klasse, dy't jim ynfiere moatte yn de digitale omjouwing fan Tsjil Tsjekt. Mei de antwurden kinne jim punten skoare. Raynaud daget jim ek út om mei de klasse in challenge te dwaan. Hjirûnder lêst dêr mear oer.

Wurdt jim klasse de 'Tsjilste klasse fan it jier'?



Praktyske saken foar elke Tsjil Tsjekt

Dizze Tsjil Tsjekt giet oer 'dyn hûs'. It programma bestiet út twa dielen. Tusken de publikaasje fan de twa dielen op www.tsjiltsjekt.nl sit in even tiid. Yn dy tiid kinne de learlingen de challenge útfiere en harren foto diele op de Tsjil Tsjekt-webside.

Dit hawwe jim nedich foar de fragen en opdrachten oer 'dyn hûs' yn dizze Tsjil Tsjekt:

- De ynlochkoade foar de Tsjil Tsjekt-omjouwing: yn dy omjouwing sjogge jim nei it programma en kinne jim de antwurden ynfiere. Noch gjin ynlochkoade? Freegje dy oan fia de oanmeldknop op de website www.tsjiltsjekt.nl.
- In apparaat mei in ynternetferbining (in tablet, laptop, chromebook ensfh.). Meardere apparaten om tagelyk wat op te sykjen kin soms handich wêze.
- It tydskrift Tsjil. Binne jim abonnee fan Tsjil? Yn Tsjil fan maart/april stiet in tekst dy't jim nedich hawwe om it antwurd op ien fan de fragen te finen. Noch gjin abonnee? Brûk dan de pdf fan it tydskrift dy't te finen is op www.tsjiltsjekt.nl.
- Materialen om gau mei-inoar ta ien antwurd te kommen op in fraach: brûk bygelyks in 'wisbordje' om te stimmen oer de stelling of soargje dat alle learlingen in papierke hawwe om in antwurd op te skriuwen, sadat de antwurden sa gau mooglik sammele wurde kinne.

De challenge fan dizze kear

Doch mei oan de Tsjil Tsjekt Challenge:

- Bou in terpwenning yn Minecraft
- Upload de foto fan jim Minecraft-terpwenning fia it menu fan Tsjil Tsjekt: www.tsjiltsjekt.nl
- Wa wit is jim foto te sjen yn de twadde ôflevering fan 'dyn hûs'!
- Wow! It meidwaan oan de challenge ferdûbelet(!) de behelle punten yn diel 1 fan 'dyn hûs'. Safolle pompies litte jimme dochs net lizze?
Let op: Upload jim foto op 'e tiid! Allinne dan dogge jim mei om de punten!

Sukses en in soad wille!

Mear dwaan mei dit tema?

Wolle jim nei oanlieding fan dizze Tsjil Tsjekt mear dwaan mei it tema ferhalen en foarstellingen?

Yn de metoade Spoar 8 binne ferskillende materialen te finen oer dit tema:

- Temateek: sjoch yn de tema's 'Sjoch om dy hinne!', 'Safolle minsken, safolle gewoanten!' en 'Wiis mei ús planeet!' foar teksten, filmkes, spultsjes, boeketips en mear losse materialen. Bygelyks oer typen wenningen, flechtlingen en natuerrampen.
- Taalaktiviteiten:
Yn de taalaktiviteit 'Wat is it hjir moai!' meitsje de learlingen in rûte troch harren omjouwing en beskriuwe bysûndere plakken.
- Projekten:
Yn it projekt 'Hoe wennesto?' (groep 5) sjogge de learlingen nei huzen by harren yn 'e buert en meitsje twa tekeningen fan harren eigen hûs.
Yn it projekt 'Fan idee nei útfiering' (groep 6) leare de learlingen oer hoe't in idee foar in hûs in echt hûs wurdt.
Yn it projekt 'Hûs te keap!' (groep 7) meitsje de learlingen in advertinsje foar harren eigen hûs.
Yn it projekt 'Belibje it mei pake en beppe' (groep 8) leare de learlingen oer hoe't de wrâld derút seach yn 'e tiid fan pake en beppe en skriuwe sy in ferhaal dat him ôfspilet yn dy tiid.

Yn it tydskrift Tsjil steane neist ferskillende teksten oer wenjen ek nijsgjirrige nijtsjes, spultsjes en in strip!

Wolle jim derop út?

Undersykje ferskillende wenningen út de Fryske skiednis: gean bygelyks nei iepenloftmuseum De Sûkerei yn Damwâld, tempark De Spitkeet yn De Harkema of iepenloftmuseum It Damshûs yn Nijbeets. Sjoch foar mear tips yn Tsjil Magazine fan maart/april op side 14.

Noch gjin Spoar 8 en/of Tsjil by jim op skoalle? Freegje de metoade en it tydskrift hjir FERGEES oan: <https://taalplan.frl/oanmelde/>